

**FRYSLAN-A EKSAMEN**  
**18 april 2015**

**I Tiidwurden**

**(30 min.)**

*Op dit ûnderdiel kinne mei-inoar 71 punten helle wurde.*

*A. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **notiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

It lûd fan de auto (1. wurde) stadich wei. Wiete fuotstappen (2. komme) tichterby. Ik (3. roppe) de hûn en (4. harkje) mei ynhâlden siken, oant in skaad yn de iepening fan de stâldoar (5. falle). Flechtich (6. sjen) ik oer it skouder. In lang persoan (7. hingje) tsjin de doarpost. Warskôgjend (8. litte) de hûn in driigjend gromjen hearre. Ik (9. hawwe) in loop mei it hynder oer de platen west. Doe ha 'k noch wat stront fan it hynstelân socht, de freding makke, ik (10. wêze) begûn mei it skjinmeitsjen en opbergjen fan wat hynstetúch en ark. It sylhûet fan in ûnbekende man (11. ferskine). Yn it tsjinljocht (12. kinne) ik syn uterlik sa gau net ûnderskiede. Ik (13. sizze) de hûn dat er him de bek hâlde (14. moatte).

*B. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **doetiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

Fierder (1. besykje) ik sa goed as gjin omtinken oan de man te jaan. Dat (2. sizze) neat en dat (3. sjen) mar. Wat (4. wolle) sa'n fint?? Flechtich (5. hâlde) ik him yn 't each. Ik (6. wolle) foar tsjuster klear wêze en (7. gean) fierder mei myn wurk. Glûpenderwize (8. sjen) ik nei de man dy't roerleas foar him út (9. stoarje). Ik (10. sette) de kroade fansiden. (11. Sitte) in skoftsje ûnnedich op it ark om te poetsen eardat ik it (12. opbergje). As de man it lichem nei foaren (13. bûge), (14. falle) syn each brutaal nei binnen.

*C. Skriuw it **mulwurd** op fan de tiidwurden dy't tusken heakjes steane. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it mulwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

Ik haw nea oer sok folk (1. meie). Om tiid te winnen haw ik de griemde modder fan de flier (2. feie). Wantrouwich bin ik nei it sket (3. rinne) dêr't linen en hynstetúch oan hongen. Ik haw (4. hohâlde) en bin sitten (5. gean). Op dat stuit is my de groet fan in swier manljuslûd yn 't sin (6. komme), it tichtslaan fan autodoarren, it fuortriden fan in auto en wifkjende fuotstappen. Doe hat er (7. sizze) dat er myn broer wie. Myn broer? Hy hat (8. wachtsje) op myn reaksje. Alles hat my op 'e senuwen (9. wurkje). Net by steat om de dingen te sjen sa't se (10. wêze) hawwe, haw ik alles fan it sket (11. skuorre) en oer de flier (12. smite). Syn eagen hawwe my yn 'e rêch (13. stekke) en de siken binne my yn 'e kiel stykjen (14. bliuwe).

Ut: Durk van der Ploeg, *In beferzen mar* (oanpast)

*D. Set de Nederlânske tiidwurdsfoarmen dy't tusken heakjes foarmen steane yn de goede Fryske foarm en tiid. Foarbyld: Hy hat der lang oan (gewerkt): Hy hat der lang oan wurke. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede Fryske foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 6 punten.*

1. Do (moet) moarns gauris hiel betiid fuort.
2. Wy (begrepen) neat fan de drege opjefte.
3. Wat (zeg je) derfan: sille wy it mar dwaan?
4. Jo (spraken) de wurden hiel dúdlik út by de staveringsopdracht.
5. Pake en beppe hawwe inoar brieven (geschreven), doe't se inoar krekt (kenden).

*E. Meitsje de sinnen op in goede wize ôf. Dêrby moatte de twa of trije tiidwurden dy't tusken heakjes steane, brûkt wurde. Set dy tiidwurden yn de troch jo ôfmakke sin yn de goede **foarm** en de goede **folchoarder**. Mei-inoar 12 punten.*

*Mei twa tiidwurden ôfmeitsje:*

1. Jimme hiene wol (kinne, witte) hoe't it siet.
2. Tinksto dat de wask wol (bliuwe, hingje) mei dizze hurde wyn?
3. Sy seit dat beppe it lytse fanke hielendal (hawwe, bedjerre).

*Mei trije tiidwurden ôfmeitsje:*

4. Klaas koe fan wurgens net mear stean, dat hy (gean, sitte, wêze).
5. Hy sei dat er dat lytse jonkje de wylde see net (hawwe, ynrinne, sjen).

*F. Set de neikommende sinnen, benammen wat de tiidwurden oanbelanget, sa goed mooglik oer. Mei-inoar 10 punten.*

1. Wat ben je snel klaar, heb je je tanden wel gepoetst?
2. Toen ik eraan kwam, was iedereen al weg.
3. Dekken jullie de tafel, dan gaan we eten.
4. Of vader mee kan doen, weet hij overmorgen pas.
5. Gaan we morgen vissen of lukt dat niet?